# MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

| | |
|---|---|
| Yntsjinner:<br>CDA, Attje Meekma<br><br><br>ChristenUnie, Petra Ellens<br>PvdA, Klaas Zwart<br>GrienLinks, Jochem Knol<br>VVD, Eric ter Keurs<br>BBB, Harm Wiegersma | |

| | |
|---|---|
| Moasje nr. | 3 |
| Paraaf | |
| Wurklistpunt | 7 |
| Beslút | |

**MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde**

| | |
|---|---|
| Steategearkomste | 28 jannewaris 2026 |
| Wurklistpunt | Plan fan oanpak Natuurnetwerk Nederland |
| Koarte titel fan de moasje | Faasje op grûnbeleid |

De Steaten, yn gearkomste byien op 28 jannewaris 2026

heard hawwende de rieplachting;

konstatearjende dat

- de moasje 'regie op grond' op 29 jannewaris 2025 oannommen is, wêryn frege wurdt om in aktyf grûnbeleid;
- yn it Plan fan Oanpak NNN it fuortsterkjen fan de provinsjale grûnstrategy troch û.o. útwreiding en fleksibilisearring beneamd wurdt;
- de Steaten in ynspanningsferplichting foar it realisearjen fan de NNN hawwe;

oerwaagjend dat

- de Steaten no fierder sjen moatte as 2027, mei it each op de realisaasje fan de NNN yn 2035 yn kombinaasje mei it troch Provinsjale Steaten fêststelde frijwillige karakter;
- selsrealisaasje, grûnruil, oankeap, pachtkonstruksjes en it op 'en nij begrinzgjen fan de NNN freegje om in aktyf grûnbelied en nei alle gedachten in útwreiding fan de strategyske grûnfoarrie;
- in sterke en fleksibele grûnposysje it mooglik makket om ekstra kânsen foar natuerûntwikkeling te benutten én by te dragen oan agraryske struktuerferbettering binnen de lânbouhaadstruktuer of oare opjeften yn it lanlik gebiet;
- it wichtich is dat de Provinsje gau hannelje kin;
- it Steate-útstel net dúdlik is op hokker termyn it grûnbelied yn de oanpak konkreet wurdt;

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

| |
|---|
| om úterlik yn septimber 2026 in slachfeardich en op utfiering rjochte oankeapplan oan de Steaten foar te lizzen, ynklusyf in finansjele paragraaf oangeande it Ynvestearringskredyt Grûn en de Strategyske grûnfoarried |
| en gean oer ta de oarder fan de dei. |

| Yntsjinner(s) | (fraksje / namme / hântekening)<br><br>CDA, Attje Meekma<br><br>ChristenUnie, Petra Ellens<br>PvdA, Klaas Zwart<br>GrienLinks, Jochem Knol<br>VVD, Eric ter Keurs |
|---|---|